

Fierder hat Toonkunstkoor Dokkum tegearre mei de Sneker Cantorij Paulus Folkertsma syn kantate Wer binn'de fjilden grien twa kear útfierd, yn Snits en yn Dokkum.

Al mei al wie 2018 in jier foar ús om foldien en mei plesier op werom te sjen.

De ynspanningen fan al dy jierren begjinne harren fruchten ôf te werpen, en jo as donateur hawwe hjir in wichtige bydrage oan levere mei jo finansjele en morele stipe.

As lêste

Us aktiviteiten binne net altyd direkt sichtber foar jo as donateur, mar jo bydrage wurdt goed bestege yn ús stribjen de muzyk fan Paulus Folkertsma te befoarderjen.


Dat blykt no mar wer út 'e súksessen fan it ôfrûne jier. Mochten wy jo donaasje noch net ûntfongen hawwe, dan fersykje wy jo dizze oer te meitsjen op ús bankrekkennûmer NL65 RABO 0131587048 t.n.f. Paulus Folkertsma Stichting.




Foto ympresje fan de útfierenden




fioliste Marieke de Bruin
en pianiste Pauline Post



It Cantoor û.l.f.
Tjalling Wijnstra
en pianist Johan Bijhold



it ensemble fan Wiebe Kaspers



Albert Bonnema en
pianiste Rixt van der Kooij